

Samar in nacht

samar in nacht tusken twa dagen
gjin mins hat der euveldoed yn
de dichter dy skriuwt syn sonetten
mar dit wurdt syn lêste kwatryn

ynienen ljocht de himel
in fûgel skrikt, tinkt: it is dei
tilt de kop op en sil op in fluitsjen
mar syn liet stjert yn't tsjuster wer wei

boppe de (noardske) fjord yn in tinte
wurdt de rêst dy't it pearke dêr socht
ferskuord troch de ljochtsjende himel
is dit no it noarderljocht

de ljochtflits, de waarmte, de stilte
de stank, de strieling, de rein
't giet om it dwaan, net om 't sizzen
mar wêrom hat nimmen wat sein?

yn har húske sa ticht by it wetter
sliept it famke yn't blauwe bêd hast
yn in dream komt har frijer oer de fjilden
en ropt lûd: 't is de bom dy't hjir barst!